

Nimmen kin de dea ûntrinne

1

Nimmen kin de dea ûntrinne,
einich is dit ierdske bestean.
Foar't wy de fernijing winne,
moatte wy ta stof fergean.
Mar dit lichem sil genêze
fan 'e dea om nij te wêzen,
yn Gods hearlikheid wer hiel,
dy't ús tafalt as ús diel.

2

Dêrom wolle wy ús libben,
as de Hear it tsjin ús seit,
willich yn syn hannen lizze,
want Hy draacht ús as in Heit.
Ja, Hy soarget foar ferlernen,
út ferlies wurdt foardiel berne,
want it lean yn eangst en noed
is de treast fan Kristus' bloed.

3

O, wy sjogge dy al blinken
yn it ljocht, Jeruzalim.
Ja, wy hearre no al klinken
't blide lûd fan snaar en stim.
Gods rjochtfeardegen, sy rinne
yn in feesthabyt dêrhinne.
Iepen giet in bliid fisjoen
dat ús hjir alhiel betsjont.

4

Yn gesichten en yn dreamen
komt Gods takomst ús benei.
't Sinneljocht krûpt oer de kimen:
aanst begjint de nije dei.
Klinkt it tiidsein fan omhegen
dan sil bliid de grûn ferwege
en de himel set útein
mei in freugde sûnder ein.

tekst Ria Borkent – ‘Alle mensen moeten sterven’
oersetting David de Jong
meldij Dirk Zwart